



“Kenne jo dizze noch?”

Middeisprogramma mei ferhalen, lietsjes en ferskes troch Auck en Oane Peanstra



Auck Peanstra

hat yn Fryslân namme makke as skriuwster fan berneboeken - *Tomke, Yn piama de dyk oer*, romans - *Sitebuorren myn eigen paradys*, en gedichten. Yn 'e ôfrûne jierren hat sy in protte jûnen fersoarge mei foardrachten dy't tige yn de smaak foelen.

Wij hawwe tegearre in programma foar âlderen gearstald, dat bestiet út:

- koarte humoristyske ferhalen;
- fleurige foardrachten;
- lietsjes 'út de âlde doaze'.

Fryske ferhalen, ôfwiksele mei Nederlânske en Fryske lietsjes: der kin meisongen wurde!



Oane Peanstra

hat hast fjirtich jier wurke yn it basisûnderwiis as skoalmaster en direkteur, spilet gitaar, skriuwt muzyk by ûnder oaren gedichten fan syn suster, hat ek jierrenlang dirigint west fan in âlderenkoar.

Ynformaasje

Tiden: op middei: tiisdei, woansdei- en tongersdei; 45 minuten foar it skoft en 30 minuten dernei.

Tema: yn oerlis kinne wy it tema oanpasse, bgl. Sinteklaas, Kryst, maitiid, of in lokaal tema!

Priis: op oanfraach

Foar mear ynformaasje en boekings kinne jo frijbljuwend skilje mei telefoannûmer **058-2531873** of in e-mail stjoere nei **info@auckpeanstra.nl**